

F. Riemersma
Boomstraat 32D
1015LC AMSTERDAM

Ljouwert, 20 april 2021

Ferstjoerd, 20 APR. 2021

Ús merkteken : 01871365
Ôfd/Opjefte : Taal en kennis
Opsteld troch : M.H. Van Veen / (06) 11 49 74 22 of m.vanveen@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : KCC-176827-B2G4S9 - Reaksje op jo WOB-fersyk

Rju Achte Frou Riemersma,

Op 25 febrewaris 2021 hawwe jo in fersyk yntsjinne om it reglemint foar de Gysbert Japicxpriis yn te sjen. Dat hawwe wy ynterpretearre as in fersyk yn it ramt fan de Wet lepenbierheid Bestjoer (WOB).

Op grûn fan kêst 3 fan de WOB kin elkenien in fersyk foar ynformaasje deponearre yn dokuminten oer in bestjoerlike saak, yntsjinje by in bestjoersorgaan of organisaasje dy't ûnder de ferantwurdlikheid fan in bestjoersorgaan wurket. Yn kêst 1 fan de WOB is it begryp 'dokumint' definiearre. In dokumint is in skriftlik stik of oar materiaal dat ynformaasje omfettet en berêst by in bestjoersorgaan.

Jo fersykje it Kolleezje om in dokumint dat net by harren berêst. Sa't earder mei jo besprutsen is, bestiet it reglemint fan de Gysbert Japicxpriis net. Dêrom kinne wy jo dat ek net ferstrekke.

Op dit stuit wurket de tsjinst oan it opstellen fan it reglemint wêr't jo om freegje. Dêryn sil ek de ûnderfining fan eksperts en it fjild meinaam wurde. De ôfrûne tiid is der per telefoan, zoom en mail kontakt mei jo west oer dit proses. Jo ynbring wurdt wurdearre en nimme wy mei by it opstellen fan it reglemint. Wannear it reglemint fêststeld wurdt troch DS sille wy dat mei jo diele.

Beswier

Jo kinne beswier yntsjinje tsjin dit beslút binnen seis (6) wiken nei de ferstjoerdatum troch in beswierskrift te stjoeren nei: